



# JIERFERSLACH 2018

Utgouwerij Grotesk  
Boomstraat 32d  
1015 LC Amsterdam  
ynfo@grotesk.site  
020 693 86 31



## Ynhâld

Foaropwurd fan de foarsitter	2
1 Ferslach fan it bestjoer	3
1.1 Fisy, missy, doel en oanpak	3
1.2 Barren en wurk	3
1.3 Súksessen en wjerslach	3
2 Takomst	4
2.1 Aktiviteiten	4
2.2 Projekten	4
3 Organisaasje	5
3.1 Bestjoer	5
3.2 Wurknimmers	5
4 Jierrekken	6
4.1 Balâns	6
4.2 Steat fan baten en lêsten	7
4.3 Taljochting op 'e balâns en steat fan baten en lêsten	7
4.4 Ferklearring fan de Kaskommisje	9
5 Begrutting	10
5.1 Risseltatebegrutting	10
5.2 Taljochting begrutting	10
Bylagen	11



## Foaropwurd fan de foarsitter

De drokte fan de Kulturele Haadstêd Ljouwert-Fryslân 2018, mei in yn haadsaak in poadiumaginda en stipe foar mainstream publyksaktiviteiten, liet ús benammen romte foar ekstra ynset op it literêre tydskrift Fers2 en foar fierdere profesjonalisearring. It útjaan fan in bysûndere dichtbondel lit sjen dat de ynsette koerts mei klam stal krijt by Grotesk, en dat ûnskiedber ferbûn mei de woartels fan keunst: it eksperimint.

## 1. Ferslach fan it bestjoer

It jier 2018 wie it twadde begruttingsjier fan Grotesk. Nettsjinsteande syn niche-fûns hat Grotesk nei tefredens boeken oan de man brocht; wy binne der wiis mei dat de Fryske lêzer tusken de kulturele haadstêdfestiviteiten troch omtinken hân hat foar ús eksperimintele literatuer. Oan it ein fan it jier hat Grotesk ien nije útjefte ferskine litten, in yllustrearre oersetting fan de fergetten dichter Dêr Mouw, mei in foaropwurd fan de Dêr Mouwbiograaf Lucien Custers. Gearwurkproessen lykas dizze passe hielendal yn 'e oanpak fan Grotesk: sa gean wy fierder yn 'e takomme jierren.

### 1.1 Fisy, missy, doel en oanpak

De fisy fan Grotesk is de nije generaasjes in artystyk krêftige Fryske literatuer te bringen. Us missy is it fersprieden fan Frysktalige literatuer. Us oanpak is dy fan lytsskalige projekten en promoasje yn hieltyd gruttere kriteren.

### 1.2 Barren en wurk

Yn it twadde jier fan Grotesk is benammen ynset op tsjinstferliening fia de website. Bestellen fan boeken is ferienfâldige. Dêrneist is kennis dy't wy troch oparbeidzjen mei útjouwers en troch trial & error opdien ha oer it paad fan manuskript nei (sels)útjaan, fia (sels)redaksje, promoasje en logistyk, iepenbiere op de webside. De beoardieling fan binnenkommen manuskripten, kwa planning en kommunikaasje, is optimalisearre.

Ek dit jier hat Grotesk ien bysûndere publikaasje meitsje kinnen. Gysbert Japicxpriiswinner Eppie Dam hat in lytse blomlêzing fan Dêr Mouw yn it Frysk ferskine litten; fan trije oersettingen is in muzikale komposysje makke troch in akkordeonist. De blomlêzing is goed ûntfongen.

It bestjoer kaam elke trije moannen gear en hold tusken troch kontakt fia de cloud om it proses libben te hâlden.

### 1.3 Sûksessen en wjerslach

- Kennisdieling fia de webside: dy is revolúsjonêr yn Fryslân
- In grutter netwurk: fan Frysktalige en ek Nederlânsktalige skriuwers
- Folle omtinken foar Grotesk en in soad ynstjoeringen by Fers2
- Oparbeidzjen mei de auteurs: as jo skriuwe binne jo nea allinne
- In goed ûntfongen útjefte: in ferbreiding fan de fisy op keunst

Grotesk hat no fiif wurken útjûn, en dêrby is safolle mooglik rekken holden mei hoe't de skriuwer wurkje woe. It is prachtich om te sjen dat jo drege, fergetten of eksperimintele dichters sa maklik út ferjitnis rêde kinne.

## 2. Takomst

Yn 2019 stribbet Fryslân nei de titel City of Literature, dat part is fan it Unesco Creative City Network en him rjochtet op libben meitsjen fan ekonomysk en kultureel efterbleaune stêden. Lykas yn 2018 gjit it kulturele omtinken út nei populêre aktiviteiten. Dochs sille wy besykje om yn 2019 it útstelde útjaan fan de ‘jierdeisbondel’ foar Trinus Riemersma (gearstald mar net foltôge troch de Fryske Akademy yn 2008) noch syn beslach fine te litten.

Fierdere doelen foar 2019 binne de útgjouwurksumheden te ynventarisearjen troch te gean mei it optimalisearjen fan de organisaasje. Ferantwurdlikheden sille fierder definiearre wurde en it (online) klantekontakt ferbettere. Ein 2019 wolle wy manuskripten binnen ien moanne fan in beoardielingsrapport foarsjoen hawwe. Ek wolle wy ein 2019 wy oer de technyske know-how en oer it netwurk beskikke om kompleksere útgjouwuprojekten, lykas yllustrearre of 3D boekobjekten fan ferskate keunstners, oan te kinnen. Ein 2019 hawwe trije debutanten in publikaasjeplatoarm krigen en/of krije coaching en advys fan Grotesk.

In fanselssprekkend doel yn 2019 is om fernijend wurk te publisearjen, online en ek op papier.

### 2.1 Aktiviteiten

- Utjefte yllustrearre dichtbondel yn beheinde oplaach (50-100), foar in part finansiere mei fûnsen foar Frysktalige literatuer oanfolle mei aparte stipe foar de yllustraasjes.
- Utjefte Fryske ‘postmoderne styl’ bildungsroman (250 eksimplaren), finansiere mei provinsjale subysydze.
- Ien iepenbiere promoasje-event mei lêzingen, workshops en boekferkeap.

### 2.2 Projekten

It tydskrift *Fers2* sil him yn it City of Literature-jier, om’t dat evenemint gjin belang hat by keunst en it net yn offisjele programma’s opnommen hat, ekstra profilearre as kritysk en literêr medium. Ynstee fan de tradisjonele trije stikken de fjirtjin dagen sil stribbe wurde nei it publisearjen fan fjouwer of fiif stikken mei fernijende ynhâld.

Foar it projekt *Sis Tsiis* hat Grotesk allinne mar de behearder fan de finansjes west; mei yngong fan 1 jannewaris 2019 is it projekt *Sis Tsiis* beëine.



### 3. Organisaasje

Utjouwerij Grotesk is in stichting mei in kulturele ANBI-status.  
It KvK-nûmer is 66810531.  
It RSIN is 856706723.

De kontaktgegevens fan Utjouwerij Grotesk binne:  
Boomstraat 32d  
1015 LC Amsterdam  
ynfo@grotesk.site  
020 693 86 31  
www.grotesk.site

Grotesk is oansletten by de Vereniging van Zelfstandige Uitgevers en by Boeken fan Fryslân.

#### 3.1 Bestjoer

It bestjoer bestiet út trije leden foar ûnbeskate tiid dy't net betelle wurde foar bestjoerstaken, mar it boekefak sjogge as ropping. Alle bestjoersleden binne ek redakteur, mei ûnderfining yn fiksje en nonfiksje. De bestjoersleden kinne gjin ûnôfhinklike besluten nimme.

Foarsitter:	Hannah Wolff
Skriuwer:	Hannah van der Heijde
Ponghâlder:	Friduwih Riemersma

#### 3.2 Wurknimmers

Yn 2018 hawwe der gjin wurknimmers yn tsjinst west. Ek hat Grotesk gjin gebrûk makke fan stazjêrs en ek net fan frijwilligers. Foar safier't it bestjoer redaksjeaktiviteiten útfierd hat, wie dat as freonetsjinst.



## 4. Jierrekken

De jierrekken en dit jierferslach binne goedkard troch it bestjoer op 3 maart 2020. It goedkaren is mei in mits: der mei in 2019 net noch mear jild sparre wurde. De jierrekken 2018 is apart publisearre, op grotesk.site.

### 4.1 Balâns

Balâns op 31-12-2018 (yn euro's)			
	Talj.	31 desimber 2018	31 desimber 2017
<b>AKTIVA</b>			
<i>Fêste Aktiva</i>			
<i>Omgeande aktiva</i>			
Foarrie Ree Produkten	1	1.300	1.700
Debiteuren			
Likwide middels			
Bankrekken	2	11.171	11.475
Kas	3	180	50
<b>MEI-INOAR</b>		<b>12.651</b>	<b>13.225</b>
<b>PASSIVA</b>			
Eigen fermogen	4	11.811	12.538
Reserve Projekt Fers2	5	574	454
Reserve Projekt Sis Tsiis	6	-29	-149
Koartrinnende skulden	7	295	382
<b>MEI-INOAR</b>		<b>12.651</b>	<b>13.225</b>



## 4.2 Steat fan baten en lêsten

Steat fan baten en lêsten oer 2016	Talj.	2018 €	2017 €
<i>Baten</i>			
Subsydzjes, jeften, stipe	8	0	7.000
Opbringsten út PoD en ferkeap	9	617	1.230
Foarrie ree produkt	10	1.300	1.700
<i>Baten mei-inoar</i>		1.917	9.930
<i>Lêsten</i>			
Algemiene lêsten	11	487	515
Redaksjtsjinsten			
Boekûntwerptsjinsten			
Printsjen, publisearjen, ensfh.	12	393	989
Promoasje/distribúsjeaktiviteiten	13	211	398
Foarskot/royaltys	14	28	192
<i>Lêsten mei-inoar</i>		1.119	2.094
Foardielich saldo		798	7.836

## 4.3 Taljochting op 'e balâns en steat fan baten en lêsten

Hjirûnder ljochtsje wy de spesifike posten út de balâns op 31 desimber 2018 neier ta.

*Omgeande aktiva:* 2018 €

1 Foarrie ree produkten 1.300

It giet om in foarrie fan 220 noch net ferkochte publikaasjes mei in trochsneed produksjewearde (printkosten) fan 5,90 euro.

*Likwide middels:*

2 Bankrekken Triodos 11.171

3 Kas 180

De likwide middels stean ta frije beskikking fan de stichting, *útsein* de reservearringen foar de projekten Sis Tsiis en Fers2; mei de projektorganisaasjes binne aparte ôfspraken makke, en dêrûnder dat de stichting har finansjes beheart en transparant makket, sjoch hjirûnder 5 en 6.





*Passiva:*

4 Eigen fermogen 12.538

It eigen fermogen is in kontinuïteitsreserve, dy't allinne mar tsjinnet om de doelstellingen fan de stichting ferwerklikje te kinnen. It stichtingsbestjoer hat fêstlein dat de kontinuïteitsreserve net grutter wêze mei as 10.000 euro. De groei fan it eigen fermogen komt troch in jefte fan in kultuerstifting, earmerke foar de útjefte fan Frysktalich literêr wurk, plannearre foar 2018.

5 Reserve Projekt Fers2 574

De reserve fan it literêr tydskrift *Fers2* komt út partikuliere stipe (de webhosting fan € 7, betelle is in skinking, bûten de boeken bleaun) en is ornearre foar in papieren *Fers2*-blomlêzing yn 2019.

6 Reserve Projekt Sis Tsiis -29

Dit projekt mei partikuliere stipe en finansjeel behear troch Grotesk is *ôfsletten*. Sis Tsiis balâns op 31 des. 2018 is omtrint 0. Mooglike nije stipe wurdt weromstoart.

7 Koartrinnende skulden 382

a. Noch te beteljen represintaasjejild en reiskostefergoeding 267  
b. Noch út te kearen foarskotten/royaltys oan auteurs 28

Hjirûnder ljochtsje wy de spesifike posten út de steat fan baten en lêsten oer 2018 neier ta.

*Baten:* 2018 €

8 Subsydzjes, jeften, stipe 0

Subsydasje foar publikaasje Frysktalige oarspronklike nonfiksje 0  
Jeften foar útjaan en promoasje Frysktalige fiksje/nonfiksje 0

9 Opbringsten út PoD en ferkeap 617

Printing on demandpublikaasjes foar partikulieren, nij en út reserve

10 Foarrie ree produkt 1.300

It giet om in foarrie fan 220 noch net ferkochte publikaasjes mei in trochsneed produksjewearde (printkosten) fan 5,90 euro.

*Lêsten:*

11 Algemiene lêsten 487

a. Bankkosten Triodos, Sepay, GWk 218



b. Lidmaatskip brânzjeferiening	72
c. Bestjoers-, reis-, repres.kosten, foar in part te foldwaan yn 2019	197
12 Printsjen, publisearjen, ensfh.	393
a. Printing on demand, mei alle tarieding en tsjinstferliening	381
b. Identifikaasjekosten	12
13 Promoasje/distribúsjeaktiviteiten	211
Boekpresintaasje- en promoasje, foar in part te foldwaan yn 2019	162
Distribúsjekosten, foar in part te foldwaan yn 2019	49
14 Foarskot/royaltys	28
Noch út te kearen yn 2019	28

#### 4.4 Ferklearring fan de Kaskommisje

De jierrekken wurdt opsteld ûnder ferantwurdlikens fan de ponghâlder. It bestjoer hat yn 2016 ôfpraat en yn 2018 bekrêftige dat gjin gebrûk makke wurdt fan ekstern ûnderstypjen by it opstellen en de kontrôle fan de jierrekken. De jierrekken fan 2018 is kontrolearre troch in kaskontrôlekommisje. Ek oer it jier 2018 koe de kaskontrôlekommisje in yntegrale kontrôle ferrjochtsje, dat yn ferbân mei it lytse tal fan transaksjes. De kaskaskontrôlekommisje ferklearret dat begjin en einsaldi korrrespondearje mei de bankôfskriften, dat de ynkomsten en útjeften ferantwurde binne mei skriftlike en digitale (pdf) beskieden; de kaskontrôlekommisje hat fierder gjin opmerkingen oer de finansjele stikken.

Ferklearring fan de Kaskommisje

Oan:  
Stichting Grotesk  
Boomstraat 32d  
1015 LC Amsterdam

Underskreaune(n):  
Namme: C. L. ZÜRCHER  
Adres: Lijnbaansgracht 141-L  
PK en wenplak: 1016 KT Amsterdam  
en  
Namme: .....  
Adres: .....  
PK en wenplak: .....

Ferklearret/ferklearje hjirby dat hy/hija alle stikken en beskieden, dy't de eksploitaasje oer it tiidrek 1-1-2018 oant en mei 31-12-2018 en de balâns fan 31-12-2018 fan de stichting Grotesk te Amsterdam oanbelangje, kontrolearre hat/hawwe en dy yn oarder achtsje. De Kaskommisje fersiket de gearkomste om de betsjorder(s) desjarzje te ferlienen foar it fierde finansjele belied oer it tiidrek 1-1-2018 oant en mei 31-12-2018.

Plak Amsterdam datum 23-2-2020

Namme(n) en hantekening(en):  
C.L. Zürcher 

## 5. Begrutting

### 5.1 Utgongspunten foar de begrutting 2019

- Wy rjochtsje ús op prosesûnderstypjen, lykas skriuwbegelieding, en sille net mear as twa útjeften yn produksje nimme.
- Yn it jier 2019 stelt de stêd Ljouwert him kandidaat foar de City of Literature-titel, mei allerhanne leechdrompelige aktiviteiten dêr't Grotesk mooglik by oanheakje kin.

#### Risseltatebegrutting

	Begrutting 2019	Begrutting 2018	Ferskil
<b>KOSTEN</b>			
Tariedingkosten	250	200	+50
Produksjekosten	1.000	2.000	-1000
Distribúsjekosten en kosten út ferkeap	250	100	+150
Promoasjekosten	200	500	-300
Algemeine kosten	500	350	+150
Unfoarsjoen	100	305	-205
<b>KOSTEN MEI-INOAR</b>	<b>2.300</b>	<b>3.355</b>	
<b>OPBRINGSTEN</b>			
Eigen ynkomsten	500	5	+
Ferkeap	1.300	1.500	-1000
Subsydzje	500	1.850	-1.350
<b>OPBRINGSTEN MEI-INOAR</b>	<b>2.300</b>	<b>3.500</b>	<b>-1.200</b>
<b>RISSELTAAT MEI-INOAR</b>	<b>0</b>	<b>0</b>	

### 5.2 Taljochting

De kosten sitte benammen yn boekproduksje. Grotesk kiest foar ekofreonlik printsjen, dus in hege standertprint mar gjin lúkse om 'e nocht, sadat de printkosten relatyf leech bliuwe (lykas nammers de transportkosten dy't ôfhingje fan it gewicht fan it boek). De boektarieding, en dêrûnder redaksje en korreksje, dogge wy safolle mooglik mei sletten beurzen. Wy nimme gjin wurknimmers yn tsjinst, mar sille spesjale taken útsette by freelance saakkundigen.

# G

Wat de opbringsten oanbelanget, om't de merk foar it Frysktalige boek hiel lyts is, sil Grotesk in berop dwaan moatte op de wichtichste subsydsjefjouwer foar Frysktalige fiksje en non-fiksje, nammentlik de provinsje Fryslân, dy't útjeften stipet binnen it taalbefoarderingsramt. Foar útjeften dy't bûten it (mainstream) taalmêd falle, bygelyks boeken sûnder wurden lykas graphic novels, sille fûnsen wûn wurde. Wy garandearje de subsyzjefjouwers en donateurs dat mear as 90 persint fan de stipe oan de boekproduksje en -fersprieding bestege wurdt. Nota bene: Grotesk hat fêststeld dat it eigen fermogen net boppe de 10.000 euro útkomt; is dat wol sa dan bekostiget Grotesk nije útjeften út eigen bûse.

# G

## Bylage C

### It útfjoufûns



